



FERIENING FOAR DOARPSBELANG ALDEGEA

Skriuwadres Buorren 29 9216 WB Oudega (Sm.)
Email dorpsbelang-aldegea.sm@hotmail.com
Webside <https://www.oudega.info>
Kvk 40 00 45 49 | RSIN: 8029.41.953
IBAN NL95 RABO 0362 7232 49
t.n.v. Feriening foar Doarpsbelang Aldegea



Doel: it behertigjen fan de belangen fan it doarp Aldegea en fan de ynwenners dêrfan

Jaarverslag – Jierferslach 2022

1. Bestuur, Beleid & Financiën

Bestjoer, Belied & Finânsjes

Algemeen

Het bestuur vergaderde 8 x in 'de Gearstal' van het MFC. Als gasten zijn aanwezig geweest het bestuur van de Watersportvereniging Oudega (maart) en Beheerder speelweide Albert Faber park (juni).

In het kader van de Algemene Verordening Gegevensbescherming (AVG) waren er geen meldingen van een datalek.

In 2022 zijn 7 leden vertrokken en zijn er 23 nieuwe leden bijgekomen. In totaal waren er op 31 december 467 leden.

Algemene Leden Vergadering

Op maandag 11 april vond de algemene ledenvergadering plaats, er waren 28 aanwezigen waarvan 27 met stemrecht.

Het verslag van de ledenvergadering van 20 september 2021 en het jaarverslag van 2021 werden met algemene stemmen goedgekeurd.

Met algemene stemmen werd het voorstel van de kascommissie 2021 aangenomen om de penningmeester en het bestuur decharge te verlenen over het gevoerde financiële beleid en beheer.

Jan de Vries trad af als algemeen bestuurslid, Jan Westerhof werd met algemene stemmen gekozen als algemeen bestuurslid.

Na de pauze werd het Beleidsplan 2022-2026 'mei elkoar yn't spier' per onderwerp besproken.

Het beleidsplan kent 8 onderwerpen:

- 1: Bestuur, Beleid & Financiën;
- 2: Communicatie & Activiteiten;
- 3: Duurzaamheid, Energie & Milieu;
- 4: Onderwijs, Sport & Welzijn;
- 5: Recreatie & Toerisme;
- 6: Wandelpaden & Natuur
- 7: Wegen, Verkeer & Veiligheid;
- 8: Wonen, Werkgelegenheid & Zorg.

Er werden veel vragen gesteld om de voorgestelde uitgangspunten te verhelderen, hierna werd het beleidsplan met algemene stemmen aangenomen.

Algemien

It bestjoer fergadere 8 x yn 'de Gearstal' fan it MFC. As gasten ha oanwêzich west it bestjoer fan de Wettersportferiening Aldegea (maart) en Beheerder spylgreide Albert Faber park (juni).

Yn it ramt fan de Algemiene Oardering Gegevensbeskerming (AVG) wiene der gjin meldingen fan in datalek.

Yn 2022 binne sân leden fuortgien en binne 23 nije leden bykaam.
Yn totaal wiene der op 31 desimber 467 leden.

Algemiene Lede Gearkomste

Op moandei 11 april wie de algemiene ledegearkomste, der wiene 28 oanwêzigen wêrfan 27 mei stimrjocht. It ferslach fan de ledegearkomste fan 20 septimber 2021 en it jierferslach fan 2021 waarden mei algemiene stimmen goedkard.

Mei algemiene stimmen waard it foarstel fan de kaskommisje 2021 oannaam om de ponghâlder en it bestjoer desjarzje te ferlienen oer it finansjele belied en behear dat fierd is.

Jan de Vries trede ôf as algemien bestjoerslid, Jan Westerhof waard mei algemiene stimmen keazen as algemien bestjoerslid.

Nei it skoft waard it Beliedsplan 2022 -2026 'mei elkoar yn 't spier' per ûnderwerp trochnommen.

It beliedsplan hat 8 ûnderwerpen:

- 1: Bestjoer, Belied & Finânsjes;
- 2: Kommunikaasje & Aktiviteiten;
- 3: Duorsumens, Enerzjy & Miljeu;
- 4: Underwiis, Sport & Wolwêzen;
- 5: Rekreaasje & Toerisme;
6. Kuierpaden & Natuer;
- 7: Strjitten, Ferkear & Feiligens;
- 8: Wenje, Wurkgelegenheid & Soarch.

Der waarden in soad fragen steld om de foarstelde útgoingpunten te ferhelderjen, hjirnei waard it beliedsplan mei algemiene stimmen oannommen.

FERIENING FOAR DOARPSBELANG ALDEGEA

Doel: it behertigjen fan de belangen fan it doarp Aldegea en fan de ynwenners dêrfan

JAARVERSLAG – JIERFERSLACH 2022

Aspirant-bestuurslid

Na verschillende oproepen om jongeren te interesseren en te laten meedenken met het bestuur over bijv. wonen, werken, verkeersveiligheid e.d. zijn we er niet in geslaagd hier invulling aan te geven.

Buurtbudget

Ook in 2022 heeft het bestuur optimaal gebruik gemaakt van het door de gemeente Smallingerland beschikbaar gestelde buurtbudget. Zo is er budget verkregen voor 2 naamkubussen voor het 'Oerden paad' (verbinding tussen Eksteursreed en Gariperwei); 2 naamkubussen voor het nieuwe Fokke Wietske paad en voor een upgrade van de speelweide van het Albert Faber park.

Doarpswurk

In maart hebben wij de petitie ondersteund die de politiek oproept om de onnodige regeldruk voor vrijwilligers in besturen te stoppen, zoals de registratie in het UBO register, het verplicht aanpassen van de statuten aan de WBTR of vragen van zaken te beantwoorden vanwege het 'risiko' op witwassen of terrorismefinanciering. In mei hebben wij de petitie ondersteund om de provinciale subsidie voor Doarpswurk niet te stoppen maar te continueren.

Meldingen

In januari is er een melding gedaan over stormschade aan het verkiezingenbord bij de ingang aan de Achterwei en het omvallen van bomen aan de Eastersânning.

In januari is er ook een melding ingediend bij de Drachtster Courant en Weekblad Actief dat de inwoners buiten de bebouwde kom deze gratis weekbladen niet meer ontvangen. Met name de bezorging van Actief is belangrijk omdat hierin de mededelingen van de gemeente Smallingerland staan vermeld. De weekbladen werden daarna weer buiten de bebouwde kom verspreid en de Actief is nu ook te verkrijgen bij de Spar.

Na de storm 'Eunice' stonden een aantal bomen aan de Eastersânning bij de haven behoorlijk schuin. Na onze melding heeft de gemeente besloten deze bomen ook te kappen.

In juni zijn er verschillende meldingen gedaan m.b.t. het niet goed afstemmen van de werkzaamheden bij het maaibeleid van de gemeente ([zie verder bij 5. Wandelpaden & Natuur: Maaibeleid gemeente Smallingerland](#)).

Aspirant-bestjoerslid

Nei ferskate oproppen om jongerein te ynteressearjen en meitinke te litten mei it bestjoer oer bygelyks wenjen, wurkjen, ferkearsfeiligens ensfh. binne wy der net yn slagge om hjir ynfolling oan te jaan.

Buertbudzjet

Ek yn 2022 hat it bestjoer optimaal gebrûk makke fan it troch de gemeente Smellingêrlân beskikber stelde buertbudzjet. Sa is der budzjet krigen foar 2 namkubussen foar it Oerden paad (ferbining tusken Eksteursreed en Gariperwei); 2 namkubussen foar it nije Fokke Wietske paad en foar it ferbetterjen fan de boarterweide fan it Albert Faber park.

Doarpswurk

Yn maart hawwe wy de petysje stipe dy 't de polityk oproept om mei de ûnnedige regeldruk foar frijwilligers yn bestjoeren op te hâlden, lykas de registraasje yn it UBO register, it ferplichte oanpassen fan de statuten oan de WBTR of fragen fan saken te beânturdzjen fanwegen it 'risiko' op wytwasjen of terrorismefinanciering. Yn maaie hawwe wy de petysje stipe om de provinsjale subysdzje foar Doarpswurk net op te hâlden, mar troch te hâlden

Oanmelding

Yn jannewaris is der in melding dien oer stoarmskea oan it ferkiezingboerd by de yngong oan de Achterwei en it omfallen fan beammen oan de Eastersânning.

Yn jannewaris is der ek in melding yntsjinne by de Drachtster Courant en Weekblad Actief dat de ynwenners bûten de beboude kom dizze fergeze wykblêden net mear ûntfange. Benammen de besoarging fan Actief is wichtich om 't de meidielingen fan de gemeente Smellingêrlân dêryn steane. De wykblêden waarden dêrnei ek wer bûten de beboude kom ferspraat en de Actief is no ek te krijen by de Spar.

Nei de stoarm 'Eunice' stiene in oantal beammen oan de Eastersânning by de haven behoarlik skean. Nei ús melding hat de gemeente besletten dizze beammen ek te kappen.

Yn juny binne der ferskate meldingen dien oangeande it net goed ôfstimmen fan de wurksumheden by it meanbelied fan de gemeente (sjoch fierder by [5. Kuierpaden & Natuur: Maaibeleid gemeente Smellingêrlân](#)).

FERIENING FOAR DOARPSBELANG ALDEGEA

Doel: it behertigjen fan de belangen fan it doarp Aldegea en fan de ynwenners dêrfan

JAARVERSLAG – JIERFERSLACH 2022

In oktober is opnieuw een melding ingediend over het niet bezorgen van de Drachtster Courant en Weekblad Actief in sommige straten. Het bleek dat er niet op tijd een nieuwe bezorger was gevonden. Dit is drie weken later gerealiseerd.

In november is er een melding gedaan m.b.t. het plaatsen van een bladkooi aan de Achterwei. Verzocht is de bladkooi weer te plaatsen bij de milieustraat aan de ds. Carsjenssingel. De gemeente heeft laten weten dat de bladkooi bij de milieustraat onvoldoende werd gebruikt en dat de bladkooi op deze plek aan de Achterwei op verzoek van een aantal bewoners is gerealiseerd.

Wet bestuur en toezicht rechtspersonen (WBTR)

De WBTR is per 1 juli 2021 in werking getreden en is vooral bedoeld om de kwaliteit van besturen te verbeteren. De volgende onderwerpen ontbreken in onze bestaande statuten:

- een regeling om fraude te voorkomen;
- een regeling wanneer er sprake is van tegenstrijdige belangen.

Voor 1 juli 2026 moeten de statuten zijn aangepast, uiterlijk in 2025 zal in de algemene ledenvergadering de statutenwijziging worden voorgelegd aan de leden. In 2022 is hierin geen actie ondernomen.

In het kader van deze wet zijn alle bestuursleden ingeschreven in het UBO (*ultimate beneficial owner*) register bij de Kamer van Koophandel.

2. Communicatie & Activiteiten

Alle-om-Slachte kuier

De 4^e editie van deze wandeltocht, die was gepland op 19 juni, kon niet worden georganiseerd i.v.m. de beperkingen die de Corona-pandemie ons oplegde.

Buurtverenigingen

Er is een start gemaakt met de gesprekken met bestuursleden van buurtverenigingen. Bijna alle geplande gesprekken konden niet doorgaan i.v.m. de beperkingen die de Corona-pandemie ons oplegde.

Yn oktober is opnij in melding yntsjinne oer it net besoargjen fan de Drachtster Courant en Weekblad Actief yn guon stritten. It die bliken dat der net op 'e tiid in nije besoarger fûn wie. Dat is trije wiken letter realisearre.

Yn novimber is der in melding dien oangeande it pleatsen fan in blêdkoai oan de Achterwei. Fersyk wie de blêdkoai wer te pleatsen by de miljeustrjitte oan de ds. Carsjenssingel. De gemeente hat witte litten dat de blêdkoai by de miljeustrjitte ûnfoldwaande brûkt waard en dat de blêdkoai op dit plak oan de Achterwei op fersyk fan in tal bewenners realisearre is.

Wet bestjoer en tafersjoch rjochtpersoanen (WBTR)

De WBTR is mei yngong fan 1 july 2021 yn wurking gien en is bedoeld om de kwaliteit fan bestjoeren te ferbetterjen. De neikommende ûnderwerpen ûntbrekke yn ús besteande statuten:

- in regeling om fraude foar te kommen;
- in regeling as der sprake is fan tsjinstridige belangen.

Foar 1 july 2026 moatte de statuten oanpast wêze, uterlik yn 2025 sil yn de algemiene ledegearkomste de statutewijziging foarlein wurde oan de leden. Yn 2022 is hjiryn gjin aksje ûndernaam.

Yn it ramt fan dizze wet binne alle bestjoersleden ynskreaun yn it UBO (*ultimate beneficial owner*) register by de Keamer fan Keaphannel.

Kommunikaasje & Aktiviteiten

Alle-om-Slachte kuier

De 4^e edysje fan dizze kuiertocht, dy 't pland wie op 19 juny, koe net organisearre wurde yn ferbân mei de beheiningen dy 't de Corona-pandemy ús oplei.

Buertferiening

Der is in start makke mei de petearen mei bestjoersleden fan buertferieningen. Hast alle plande petearen koene net trochgean yn ferbân mei de beheiningen dy 't de Corona-pandemy ús oplei.

FERIENING FOAR DOARPSBELANG ALDEGEA

Doel: it behertigjen fan de belangen fan it doarp Aldegea en fan de ynwenners dêrfan

JAARVERSLAG – JIERFERSLACH 2022

Kennismaking college Burgemeester en Wethouders

In november heeft een vertegenwoordiging van het bestuur kennis gemaakt met het nieuwe college. Aan de hand van een praatpapier is er informatie gegeven over Oudega, de ontwikkelingen en de toekomstplannen.

‘Nijs fan Aldegea’

Om alle Oudegaasters op de hoogte te houden over activiteiten in het dorp werd ook dit jaar het huis aan huisblad ‘Nijs fan Aldegea’ verspreid, gefinancierd door Doarpsbelang en samengesteld door een onafhankelijke redactie. De financiering wordt gerealiseerd door de destijds verkregen ‘Bakbrogge gelden’.

De ondersteuning van het huis-aan-huis blad zal eindigen wanneer deze gelden zijn gebruikt. Algemene en actuele nieuwsberichten werden via ‘Nijs fan Aldegea’ en via onze [website](#) bekend gemaakt. Besloten is om de nieuwsbrief ‘HEA Doarpsbelangryk’ bestemd voor alleen de leden van Doarpsbelang niet meer uit te brengen omdat de informatie al is gedeeld via bovenstaande media.

Open Drachten

Op 23 juni 2022 was een bestuurslid aanwezig bij een uitleg over Drachten en de 13 dorpen. Het bestuur ondersteunt deze nieuwe visie om Drachten als succesvolle innovatiestad met een aantrekkelijk buitengebied te propaganderen en de 13 dorpen als parels worden opgenomen. Drachten kan niet zonder de 13 dorpen en de 13 dorpen kunnen niet zonder Drachten.

Een afvaardiging van het bestuur was op 29 september aanwezig bij een preview van de nieuwe website [Open Drachten](#) in het nieuwe MFC van Drachtstercompagnie.

Met het nieuwe marketingconcept ‘Open Drachten’ is afscheid genomen van het merkconcept ‘Drachten Wil je Meemaken’. Wij werken samen met de redactie van deze website om de gegevens van Oudega in te vullen en actueel te houden en het platform verder uit te bouwen.

Opening tentoonstelling

‘Stroomopwaarts’

Op donderdag 14 april was een vertegenwoordiging van het bestuur, samen met bestuursleden van Stichting Hattum de Vries, aanwezig bij de opening van de tentoonstelling ‘Stroomopwaarts, van plaggenhut tot Papegaaienbuurt’ in het museum in Drachten. Stichting Hattum de Vries had van ons toestemming gekregen om een aantal maquettes van Jan Binnes in te brengen in deze tentoonstelling.

Kennismaking kolleezje Boargemaster en Wethâlders

Yn novimber hat in fertsjintwurdiging fan it bestjoer kennis makke mei it nije kolleezje. Oan de hân fan in praatpapier is der ynformaasje jûn oer Aldegea, de ûntwikkelingen en de takomstplannen.

‘Nijs fan Aldegea’

Om alle Aldegeasters op 'e hichte te hâlden oer aktiviteiten yn it doarp waard ek dit jier it hûs oan hûsblêd ‘Nijs fan Aldegea’ ferspraat, finansierd troch Doarpsbelang en gearstald troch in ûnôfhinklike redaksje. De finansiering wurdt realisearre troch de doe ferkrigen ‘Bakbrogge jilden’.

De stipe fan it hûs-oan-hûs blêd sil einige wannear 't dy jilden brûkt binne. Algemiene en aktuele nijsberjochten waarden fia ‘Nijs fan Aldegea’ en fia ús webside bekend makke. Besletten is om de nijsbrief ‘HEA Doarpsbelangryk’ ornearre foar allinnich de leden fan Doarpsbelang net mear út te bringen omdat de ynformaasje al diel is fia boppesteande media.

Iepen Drachten

Op 23 juny 2022 wie in bestjoerslid oanwêzich by in útlis oer Drachten en har 13 doarpen. It bestjoer stipet dizze nije fyzje om Drachten as suksesfolle ynnovaasjestêd mei in oantreklik bûtengebied te propagoaren en de 13 doarpen as pearls opnommen wurde. Drachten kin net sûnder de 13 doarpen en de 13 doarpen kinne net sûnder Drachten.

In ôffurdiging fan it bestjoer wie op 29 septimber oanwêzich by in foarfertoaning fan de nije webside [Open Drachten](#) yn it nije MFC fan Drachtsterkompenije.

Mei it nije marketingkonsept 'Open Drachten' is ôfskied naam fan it merkkonsept 'Drachten Wil je Meemaken'.

Wy wurkje gear mei de redaksje fan dizze webside om de gegevens fan Aldegea yn te foljen en aktueel te hâlden en it platfoarm fierder út te bouwen.

Iepening tentoanstelling

‘Stroomopwaarts’

Op tongersdei 14 april wie in fertsjintwurdiging fan it bestjoer, tegearre mei bestjoersleden fan Stichting Hattum de Vries, oanwêzich by de iepening fan de tentoanstelling ‘Stroomopwaarts, van plaggenhut tot Papegaaienbuurt’ yn it museum yn Drachten. Stichting Hattum de Vries hie fan ús tastimming krigen om in tal makettes fan Jan Binnes yn te bringen yn dizze tentoanstelling.

FERIENING FOAR DOARPSBELANG ALDEGEA

Doel: it behertigjen fan de belangen fan it doarp Aldegea en fan de ynwenners dêrfan

JAARVERSLAG – JIERFERSLACH 2022

Spreekuur

Voorafgaande aan een bestuursvergadering was er de mogelijkheid om vragen te stellen aan het bestuur.

In de praktijk bleek hiervoor geen belangstelling te bestaan, het spreekuur is na september niet meer gestart.

Vrijwilligersborrel

Door de corona maatregelen is er ook in 2022 geen vrijwilligersborrel georganiseerd.

Website

De website is geheel vernieuwd en is dagelijks bijgehouden door het bestuur. O.a. alle relevante informatie, laatste nieuws en activiteitenkalender zijn hier te vinden.

Tevens is besloten om de aparte website 'Dichterspaad' op te heffen, het onderwerp is geïntegreerd in de website van Oudega.

Sprekoere

Foarôfgeand oan in bestjoersgearkomste wie der de mooglikheid om fragen te stellen oan it bestjoer. Yn de praktyk die bliken dat dêr gjin belangstelling foar wie, it sprekoere is nei septimber net mear úteinset.

Frijwilligersbuorrel

Troch de corona maatregels is der ek yn 2022 gjin frijwilligersbuorrel organisearre.

Webside

De webside is hielendal fernijd en is alle dagen byhâlden troch it bestjoer. U.o. alle relevante ynformaasje, lêste nijs en aktiviteitekalinder binne hjir te finen.

Boppedat is besletten om de aparte webside 'Dichterspaad' op te heffen, it ûnderwerp is yntegrearre yn de webside fan Aldegea.

3. Duurzaamheid, Energie & Milieu

Duorsumens, Enerzjy & Milieu

Elektriciteitsnet

De vraag naar energie en het opwekken van energie in en rondom Oudega neemt steeds meer toe. Als gevolg hiervan heeft het bestaande elektriciteitsnetwerk onvoldoende capaciteit om te voorzien in de digitalisering van de samenleving, het bouwen van huizen en het verduurzamen van de energievoorziening. Om aan de huidige en toekomstige vraag in Oudega te voldoen gaat Liander het elektriciteitsnet uitbreiden door meerdere nieuwe middenspanningsruimten (ook wel elektriciteitshuisje of elektriciteitskast genoemd) te plaatsen. Hiervoor is geen omgevingsvergunning nodig. Zo is er vorig jaar een kast geplaatst aan de Skoallereed en dit jaar bij de nieuwe school en bij het nieuwe appartementencomplex.

Elektrische laadpaal

In maart kregen wij te horen dat Oudega, vanwege de nieuwe laadpalenconcessie, 1 plek op gemeentegrond bij een gemeentelijke parkeerplaats mag aanwijzen waar (gratis) een nieuwe laadpaal (met 2 aansluitpunten) kan worden geplaatst.

Wij hebben de gemeente laten weten deze laadpaal te realiseren bij het nieuwe parkeerterrein bij het Kindcentrum 'de Diamant'.

Elektriciteitsnet

De fraach nei enerzjy en it opwekken fan enerzjy yn en rûnom Aldegea nimt hieltyd mear ta. As gefolch hjirfan hat it besteande elektriciteitsnetwurk net genôch kapasiteit om te foarsjen yn de digitalisearring fan de mienskip, it bouwen fan huzen en it ferduorsumjen fan de enerzjyfoarsjenning. Om oan de hjoeddeistige en takomstige fraach yn Aldegea te foldwaan sil Liander it elektriciteitsnet útwreidzje troch meardere nije middenspanningsromten (ek wol elektriciteitshúske of elektriciteitskast neamd) te pleatsen. Dêrfoar is gjin omjouwingsfergunning nedich.

Sa is der ferline jier in kast pleatst oan de Skoallereed en dit jier by de nije skoalle en by it nije appartemintekompleks.

Elektryske laadpeal

Yn maart krigen wy te hearren dat Aldegea, fanwege de nije laadpealenkonsesje, 1 plak op gemeentegrûn by in gemeentlik parkearplak oanwize mei dêr 't (fergees) in nije laadpeal (mei 2 oanslútpunten) pleatst wurde kin. Wy hawwe de gemeente witte litten dizze laadpeal te realisearjen by it nije parkearterrein fan it Bernesintrum 'de Diamant'.

FERIENING FOAR DOARPSBELANG ALDEGEA

Doel: it behertigjen fan de belangen fan it doarp Aldegea en fan de ynwenners dêrfan

JAARVERSLAG – JIERFERSLACH 2022

Glasvezelkabel

De gemeente heeft geen overeenstemming kunnen bereiken met bedrijven die het glasvezelnet in de dorpen zouden kunnen en willen aanleggen. Dit houdt verband met de voorwaarden waaronder het kabelnetwerk moet worden aangelegd zoals het herstellen van straatwerk, beplantingen en dergelijke. De gemeente, als beheerder van de wegen en openbaar groen, stelt daaraan eisen. Wel heeft de gemeente laten weten dat ook het college en de raad het belang van breedband internet via glasvezelnet groot vindt. We blijven in gesprek met de gemeente wat het is van groot belang dat we kunnen kiezen om over te schakelen naar aanbieders op het glasvezelnet. Dit als toekomstbestendig alternatief naast het bestaande coaxkabelnetwerk van één aanbieder en het oude telefoonkabelnetwerk.

4. Onderwijs, Sport & Welzijn

Kindcentrum 'de Diamant'

Op maandag 27 juni werd de nieuwe school (Buorren 34f) opgeleverd en op woensdag 13 juli werd de oude school aan de Buorren 34a gesloten.

Maandag 29 augustus was de eersteschooldag in het nieuwe gebouw en de officiële opening vond plaats op vrijdag 9 september, waarbij een vertegenwoordiging van het bestuur aanwezig was.

Hiermee is de bijdrage van Doarpsbelang aan de werkgroep beëindigd.

Armoedeproblematiek

In oktober is een bestuurslid aanwezig geweest bij een bijeenkomst in Drachten over de armoedeproblematiek. Veel vertegenwoordigers van maatschappelijke organisaties waren hierbij aanwezig. Als bestuur gaan wij er vanuit dat wij, als er zich barre tijden aandienen, in samenwerking met de deelnemers van het NOA, een bijdrage leveren om in Oudegea een warme plek te realiseren met het nuttigen van een kop koffie/thee of een maaltijd.

Albert Faber park

Sinds 2019 krijgen wij vanuit de gemeente Smellingerland jaarlijks een bedrag van € 200,-- voor het in stand houden van het park. Om het Albert Faber dierenpark echter structureel in stand te kunnen houden is een veel groter bedrag nodig. Het bedrag van € 1.166,56 vanuit de Rabo ClubSupport zorgt ervoor dat dit wel mogelijk is.

Glêsfezelkabel

De gemeente hat gjin oerienstimming berikke kinnen mei bedriuwen dy 't it glêsfezelnet yn de doarpen oanlizze kinne soene en wolle. Soks hâldt ferbân mei de betingsten dêr 't it kabelnetwurk ûnder oanlein wurde moat lykas it werstellen fan strjitwurk, beplantingen en sa. De gemeente, as behearder fan de diken en iepenbier grien, stelt dêroan easken. Wol hat de gemeente witte litten dat ek it kolleezje en de ried it belang fan breedbân ynternet fia glêsfezelnet grut fynt. We bliuwe yn petear mei de gemeente wat it is fan grut belang dat we kieze kinne om oer te skeakeljen nei oanbieders op it glêsfezelnet. Dit as takomstbestindich alternatyf neist it besteande coaxkabelnetwurk fan ien aanbieder en it âlde telefoankabelnetwurk.

Underwiis, Sport & Wolwêzen

Bernesintrum 'de Diamant'

Op moandei 27 juny waard de nije skoalle (Buorren 34f) oplevere en op woansdei 13 july waard de âlde skoalle oan de Buorren 34a sletten.

Moandei 29 augustus wie de earste skoaldei yn it nije gebou en de offisjele iepening fûn plak op freed 9 septimber, wêrby 't in fertsjintwurdiging fan it bestjoer oanwêzich wie.

Dêrmei is de bydrage fan Doarpsbelang oan de wurkgroep beëinige.

Earmoedeproblematyk

Yn oktober hat in bestjoerslid oanwêzich west by in gearkomste yn Drachten oer de earmoedeproblematyk. In soad fertsjintwurdigers fan maatskiplike organisaasjes wiene hjirby oanwêzich. As bestjoer geane wy derfan út dat wy, as der har barre tiden oantsjinje, yn oparbeidzjen mei de dielnimmers fan it NOA, in bydrage leverje om yn Aldegea in waarm plak te realisearjen mei it nuttighen fan in kop kofje / tee of in miel.

Albert Faber park

Sûnt 2019 krije wy fanút de gemeente Smellingerlân jierliks in bedrach fan € 200, -- foar it yn stân hâlden fan it park. Om it Albert Faber bistepark lykwols struktureel yn stân hâlde te kinnen is in folle grutter bedrach nedich. It bedrach fan € 1.166,56 út de Rabo ClubSupport soarget derfoar dat dit wol mooglik is.

FERIENING FOAR DOARPSBELANG ALDEGEA

Doel: it behertigjen fan de belangen fan it doarp Aldegea en fan de ynwenners dêrfan

JAARVERSLAG – JIERFERSLACH 2022

In het najaar is het nieuwe hertenverblijf gerealiseerd en is het dierenverblijf opnieuw geschilderd. Dit werd mogelijk gemaakt met behulp van het buurtbudget vanuit de 1^e ronde. Met behulp van het buurtbudget, aangevraagd in de 2^e ronde van dit jaar, gaan we met vrijwilligers ook de speelweide aanpakken.

Evenemententerrein

In september 2022 werd voor het eerst het dorpsfeest georganiseerd op het nieuwe evenemententerrein.

In samenwerking met het Kindcentrum 'de Diamant' zijn er afspraken gemaakt om het terrein geschikt te maken voor dagelijks gebruik van de schoolgaande kinderen. O.a. de pannakooi is hier geplaatst.

NOA (Netwurk Oerlis Aldegea)

Het overleg stond op 3 maart voornamelijk in het teken van de evaluatie van de afgelopen jaren en het maken van nieuwe afspraken om verder te gaan. Het overleg is dan ook in een nieuw jasje gestoken: de naam is gewijzigd van 'Breed Overleg' naar 'NOA' en er is door de deelnemers een nieuwe doelstelling geformuleerd, namelijk: *'Om de sociale cohesie in Oudega te ondersteunen en te versterken gaan de deelnemers van het netwerk elkaar op de hoogte houden (van de voortgang) van elkaars werkzaamheden en ontwikkelingen en bewerkstelligen onderlinge samenwerking'.*

Op woensdag 21 september kwamen de deelnemers weer bijeen. Het overleg vond plaats in het nieuwe Kindcentrum 'de Diamant'. Margriet Reatsch (directeur) verzorgde een rondleiding door het gebouw en vertelde over de keuze van het nieuwe onderwijssysteem. Vanaf nu is ook de werkgroep Oekraïne vertegenwoordigd in dit overleg.

De vaste deelnemers van het netwerk bestaan uit vertegenwoordigers van PGO Diaconie en Pastoraat; Jeugdsoos Oudega; Kindcentrum 'de Diamant'; MOS opbouwwerk; Adviesraad Sociaal Domein; PCOB; Repair Café; Dorpstuin; Stichting de Jonkersstee; Thuiszorg; Vrijwilligersorganisatie 'Graach Dien'; Brandweerpost Oudega; Woningcorporatie Accolade en Werkgroep Oekraïne. Doarpsbelang is voorzitter van het netwerk.

Yn it neijier is it nije harteferbliuw realisearre en is it bisteferbliuw op 'e nij skildere. Dit waard mooglik makke mei help fan it buertbudzjet út de 1^e ronde wei. Mei help fan it buertbudzjet, oanfrege yn de 2^e ronde fan dit jier, sille wy mei frijwilligers ek de boartersgreide oanpakke.

Eveneminteterrein

Yn septimber 2022 waard foar it earst it doarpsfeest organisearre op it nije eveneminteterrein.

Yn gearwurking mei it Bernesintrum 'de Diamant' binne der ôfspraken makke om it terrein geskikt te meitsjen foar deistich gebrûk fan de skoalgeande bern. U.o. de pannakooi is hjir pleatst.

NOA (Netwurk Oerlis Aldegea)

It oerlis stie op 3 maart benammen yn it ramt fan de evaluaasje fan de ôfrûne jierren en it meitsjen fan nije ôfspraken om fierder te gean. It oerlis is dan ek yn in nij jaske stutsen: de namme is wizige fan 'Breed Oerlis' nei 'NOA' en der is troch de dielnimmers in nije doelstelling formulearre, nammentlik: *'Om de sosjale koheezje yn Aldegea te stypjen en te fersterkjen sille de dielnimmers fan it netwerk inoar op 'e hichte hâlde (fan de fuortgang) fan inoars wurksumheden en ûntwikkelings en bewurkmasterje ûnderlinge gearwurking'.*

Op woansdei 21 septimber kamen de dielnimmers wer byinoar. It oerlis fûn plak yn it nije Bernesintrum 'de Diamant'. Margriet Reatsch (direkteur) fersoarge in rûnlieding troch it gebou en fertelde oer de kar fan it nije ûnderwiissysteem. Fan no ôf is ek de wurkgroep Oekraïne fertsjintwurdige yn dit oerlis.

De fêste dielnimmers fan it netwerk besteane út fertsjintwurdigers fan PGO Diaconie en Pastoraat; Jongereinsoas Aldegea; Bernesintrum 'de Diamant'; MOS opbouwwerk; Adviesraad Sociaal Domein; PCOB; Repair Café; Doarpstún; Stichting de Jonkersstee; Thússoarch; Frijwilligersorganisaasje 'Graach Dien'; Brânwacht Aldegea; Wenningkorporaasje Accolade en werkgroep Oekraïne. Doarpsbelang is foarsitter fan it netwerk.

FERIENING FOAR DOARPSBELANG ALDEGEA

Doel: it behertigjen fan de belangen fan it doarp Aldegea en fan de ynwenners dêrfan

JAARVERSLAG – JIERFERSLACH 2022

5. Recreatie & Toerisme

Rekreaasje & Toerisme

Nationaal Park de Alde Feanen

Aan de vergaderingen van de werkgroep van dit bestuursorgaan neemt het bestuur van Doarpsbelang niet deel, wel ontvangen wij alle documentatie van de bijeenkomsten. In dit overleg worden de verschillende dorpsbelangen vertegenwoordigd door Nico Tilstra.

Wendy Batist (voormalig secretaris) die vanuit een andere hoedanigheid betrokken is bij deze werkgroep bracht ons in het afgelopen jaar regelmatig op de hoogte van bijzonderheden m.b.t. Oudegea.

Op woensdag 1 juni zijn 2 bestuursleden aanwezig geweest bij de inloop van de gebiedsontwikkeling Alde Feanen.

Kunstwerk 'De slach bij Aldegea'

Het toegezegde buurtbudget voor reparatie van dit kunstwerk is (nog) niet geactiveerd. Er zijn geen vrijwilligers gevonden om de werkzaamheden uit te voeren.

Platform Gastvrij Smallingerland

Op woensdag 7 december waren 2 bestuursleden aanwezig bij de bijeenkomst van dit platform. Het stond in het teken van 'indoor' activiteiten in Smallingerland en werd gehouden in [LevelXL](#) in Drachten.

Pont 'de Grietman'

De gemeente Smallingerland wil een [kleinere] elektrische pont inzetten i.p.v. de huidige pont 'de Grietman'.

Op 12 april hebben wij de fracties van het CDA en Smallingerlands Belang op de hoogte gebracht van de bezwaren die er zijn bij het vervangen van pont 'de Grietman' door een veel kleinere, elektrische pont.

